

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner:
Mei-yntsjinner(s):

Moasje nr.	
Paraaf	
Wurklistpunt	
Beslút	

MOASJE, op grûn fan Kêst 30 Reglemint fan oarder

Steategearkomste	PS 24 jannewaris 2018
Wurklistpunt	08B Utfieringsprogramma Feangreidefisy Underwerp: ûndersyk keunstdong vs. organyske dong op feangrûn

De Steaten, yn gearkomste by elkoar op woansdei de 24e fan Foarmoanne 2018,

Oerwaagjende dat

- Der by it fêststellen fan de Feangreidefisy yn PS 21 jan 2015 in moasje oannommen is (CDA, FNP, VVD en ChristenUnie) mei as dictum *'In overleg met belanghebbenden bij de uitvoering van de Veenweidevisie kansen te benutten ter versterking en verbetering van het agrarisch gebruik van gronden, ten aanzien van organische (natuurlijke) bemesting'* ;
- It útfieringsprogramma bestiet út in ferskaat fan mear of minder technyske pilots en praktykproeven mei as doel it ferdwinen fan de feangrûn te ferminderjen;
- It saak is dat Provinsjale Steaten en oare belutsen partijen alle mooglike effekten en oarsaken fan de delgong fan it feangreidegebiet skerp yn byld hawwe moatte om aanst foar it definitive maatregelenprogramma goede en (kosten)effektive karren meitsje te kinnen;
- It gebrûk fan keunstdong op feangrûn dan wol organyske dong ek in beskaat effekt hat op it boaiemlibben, de opbou en ôfbraak fan organyske stof en dêrmei op de delgong en CO2-útstjit fan de feangreide;
- Dat effekt noch nea middels ûndersyk goed kwantifisearre is lykas by oare relevante faktoaren lykas it grûnwetterpeil en djippe grûnbewurkingen wol dien is;

Konstatearjende dat

- Der oer de effekten fan keunstdong op de boaiem yn 2013-2015 wol in proef útfierd is mar dan op klaaigrûn, wêrfan de data wol sammele mar noch net analysearre binne;
- It Louis Bolk Instituut yn 2013-2015 lyksa in ûndersyk dien hat nei de effekten op feangrûn, mei 7 bemestingsfarianten (*Controle zonder mest; Kunstmest; Drijfmest; Vaste mest; Dikke fractie gescheiden drijfmest; Compost; Kunstmest +zaagsel*) wêrfan de data ek noch net analysearre binne;

- Der dêrneist in grutte database beskikber is mei boaiem / biologyske parameters op fean en klaai, dy't lykwols noch nea brûkt is yn analyses oer de oarsaken fan it ferdwinen fan it fean en de reduksje fan de CO2-útsjit;
- It mooglik is om foar € 25.000 in literatuerstúdzje en analyse fan neamde data út bestend ûndersyk te dwaan;
- Der binnen it Utfieringsprogramma Feangreidefisy finansjele romte makke is foar ûndersiken en ynnovative saken;

Fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

- It Louis Bolk Instituut mei Van Hall Larenstein University of Applied Sciences in analyse dwaan te litten op basis fan literatuerstúdzje en mei de al beskikbere praktykdata fan de effekten fan keunstdong en organyske dong op feanrûn yn relaasje ta it ferdwinen fan it fean en de reduksje fan de CO2-útsjit út de feangreide;
- Dit binnen it besteande Utfieringsprogramma Feangreide finansjeel en organisatoarysk út te fieren;
- Oer de resultaten oan PS en oare belutsen partijen te rapportearjen by de evaluaasje fan it Utfieringsprogramma tagelyk mei de resultaten fan alle oare pilots en ûndersiken, sadat dit meiwoegen wurde kin by de opstelling fan it definitive maatregelenprogramma nei 2019;

en gear oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	<p><i>(fraksje / namme / hântekening)</i></p> <p><i>FNP, Wopke Veenstra</i></p>
---------------	---